


De Twirre



desimber 2023



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 40e jiergong nr. 4: desimber 2023. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 febrewaris by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		06 33 69 49 32
Ponghâlder	Pier Bergsma pu.bergsma1944@gmail.com		0546 - 57 57 30
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com		074 - 291 8564 06 51 99 09 19
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	vakature		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@gmail.com		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekken-nûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Fryske siswizen

- Alle hout is gjin timmerhout.
- Dêr't hout kappe wurdt falle spuonnen.
- Gjin geef hout sûnder oasten.
- It rottichste hout sit it tichtste by de preekstoel.
- Sa falsk as it hout fan 'e galge.

Belangrike data

sneon 27 jan. Jiergearkomste yn Boarterstúngedebou Boswinkel, Beneluxlaan 50, Enschede. Ynrin: 13.30 oere.

Mrt/apr. Kritejûn, toaniel, kabaret, muzyk?

Folle lok en Seine!

It bestjoer fan de Krite en de redaksje fan de Twirre winskje alle leden in Lokkich en Sûn Nijjier ta! Oant sjen op ien fan ús krite-aktiviteiten!



Freonlik fersyk fan de ponghâlder

Wolle jim sa gau mooglik de kontribúsje oermeitsje op de bankrekken fan Freonen Fryske Kultuer NL08 INGB 0004 2915 44? De kontribúsje is 20 euro foar ien persoan en 35 euro foar in pear. Alfêst tige betanke!

Pier Bergsma

Famyljeberjochten

Nei ôfrin fan de film Grutte Pier, fertelde Grieteke van der Veer dat ús eardere ponghâlder Paul Hoogendoorn slim siik is. Us meilibjen giet ek út nei Eeke en Kees de Boer. Skoansoan Mark ferstoar op 26 novimber yn de âldens fan 53 jier. Op 27 desimber ferstoar ús âld-bestjoerslid Tjibbe van Assen (82). Alle neisten winskje wy folle moed en sterkte ta!

Nijjiersmoarn (Froukje Annema - Noordenbos út “Fan al den dei”)

Klokken liede oer ús ierde

roppe: “Nijjiersmoarn!”

Tolve moannen; ’n jier fan ûnrêst.

Dat ha wy wer hân.

’t Kommend jier dat leit no foar ús,

leech noch, skjîn en nij.

Sa’n jier, ’t liket sa ûneinich,

wat it bringe mei?

Graach wat frede en wat leafde,

wat mear fêstichheid.

’n Bytsje mar, wie al foldwaande,

foar tefredenheid.

Graach wat rêst neist al ús jachtsjen

en wat tiid foar lok.

Sizze kinne: “Sil ’k dy helpe?”

en net: “Ik ha ’t te drok.”

Graach wat oar nijs yn de kranten,

net mear al dy striid.

Minder misdie, minder lijen,

’t makke ús sa bliid.

Goede plannen binne makke,

hâlde w’ ús dêr oan?

Begjin ’n jier fan inkeld goedens,

No! Op nijjiersmoarn!

Noflik op ’e bank mei in gleske wyn

Hy siet sa noflik mei de frou op ’e bank, sy preau fan har glês wyn.

“O, wat bin ik mâl mei dy. Sûnder dy soe’k net leve kinne,” sei se.

“Wa praat hjir,” sei de man, “do of de wyn?”

“Nee, nee, ik bin it, dy’t tsjin de wyn praat.”

Waarglês

“It Waar wurdt wat better, hê?” sei Ljibbe moedich.

“No it is in gelok hear, men sykhellet suver rommer. It wie ek bot hoe’t it reinde. Myn wiif hat sa’n aronskelk yn it finsterbank stean, dat is myn waarglês. It ding giet sa moai aardich lyk. Moarns fan ’t bêd ôf wie myn earste loop nei it finsterbank, mar alle dagen hong dêr steefêst in grouwe drip oan, dan wist ik wol wer hoe let as it wie.”

“Dat haw ik in goed wike folhâlden, doe hie ’k myn nocht. Ik waard sa fergrime op dat smoarge ding mei syn grouwe drippen, dat ik helle myn knyf út ’e bûse en snie beide grutte blêden der ôf. Ik sei sjesa, no wolst it drippen wol litte. En nuver ist, mar it waar knapte fuort op. Hie ’k him mar earder neisjoen, mar dat is no net oars.”

Paulus Akkerman út “Wat wie ’t wat”

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: Rink. No nochris in puzel oer typysk Fryske wurden en siswizen yn’e foarm fan in kwis.

By elke siswize stean trije betsjuttingen (mei in letter derefter) werút jo de goeie kieze moatte.

As jo de letters by de goede antwurden efter inoar sette foarmje se dizze kear in famkessnamme.

1. *It muoit my* =

- ik fyn it spitich (*t*)
- it ferfeelt my (*u*)
- ik wurd der wurrich fan (*s*)

2. *Krimmenearje* =

- krimineel wêze (*h*)
- kleie en seure (*i*)
- kremearje (*j*)

3. *Okkerdeis* =

- by waarme dagen (*m*)
- in pear dagen lyn (*n*)
- sneins (*o*)

4. *Ut ein sette* =

- it spul fersette (*f*)
- ophâlde (*d*)
- begjinne (*e*)

P.S. De hiele taalkwis fan 88 fragen kin noch altyd by my opfrege wurde troch my in e-mail te stjoeren: kpdeboer@planet.nl. Sjoch de foarige Twirre.

Eeke

De Film “Grutte Pier

Yn it moaie lytse teäterke Concordia wiene mar 35 kriteleden oanwêzich foar de Fryske film Grutte Pier fan Steven de Jong. Op it grutte doek komt in soad geweld foarby, dêr't we op 't heden ek al tefolle fan sjogge op de televyzje. De skiednis liket aardich trochinoar hussele te wêzen want Grutte Pier libbe fan 1480 - 1520 en de slach by Warns wie yn 1345. Dus dat kloppet al net. Alle klisjees oer de Friezen en de Fryske frijheid binne út de kast helle. Al mei al foel de film my wat ôf. De haadrolspiler, Milan Weelden, is echt wol in grutte man. Der binne ek rollen foar Elske de Wal en Syb van der Ploeg. En al dat bloed is fansels beisop of tomateketsup. □ Ali

(Kees de Boer hat nochris in artikel skreaun oer de Grutte Pier. Fierderop yn dizze Twirre.)

Fytse

Ik ha in hiel nijsgjirrich boek lêzen fan Marica van der Meer “Weg van de wereld”. Se skriuwt oer har fytstocht fan Warkum nei Tasmanië, súdlik fan Australië. It boek is yn it Nederlânsk mar se is wol in Friezinne, want as yn China in pear lulke hûnen op har ôfkomme, racht sy dy út yn it Frysk en de hûnen ferstean har, want se bite har net mar geane fuort. Marica is earder ek dwars troch Súd- en Noard-Amearika fytst. Dêroer giet har boek “Van vuur naar ijs”. □ Siebe Hiemstra

Oer in merje (H.J. Kleefstra út: “De bisteboel fan Hoatse”)

*In merje, dy't út it doarpke Rie
nei 't lân fan dream en winsken gie,
ferstjoerde nei har nicht te Raard
in prachtich kleurde Krystydskaart.
Ferheard sei dy tsjin har oare helte:
“Ik leau dat se no troud is, Jelte,
want hjirop stiet sa goed ik wit
dat sy no Merry Christmas hjit.”*

De Tocht

Dochs in 16e Alvestêdetocht? Nei 1997 like it net mear sa te wêzen, mar troch keunstiis yn it Friso Teäter yn Ljouwert waard De Tocht yn in musical “on ice” as teäterfoarstelling foar it fuotljocht brocht en koe de sfear en romantyk om dit barren hinne wer preaun wurde. In iisfjild as podium en dêrfoar in yn 't rûn draaiende iisbaan, dêr 't ûnder oare de stimpelhokjes foarby kamen, en projeksjes mei allerhande bekende bylden op de eftergrûn foarmen de basis foar in slagge musical mei prachtige muzyk, aardige ferskes en moaie ensembles, alles fernimstich yn sfearfolle dekôrs op it toaniel set, oanfolle mei geniale teäter-techniken.

In oantal bepalende, hast nostal-

gyske oantinkens oan eardere Alvestêdetochten waarden stimmich yn byld brocht, en de rige reedriders dy't geregeld foarby kamen, makke fansels in sfear dy't mannich him heuge sil. De reade tried wie in ferhaal oer fiif freonen dy't eartiids besletten hiene om nochris te-gearre de tocht te riden.

De ferhaal-linen wiene net it sterkste punt en wiene in bytsje fan 'e hakke op 'e tûke, mar as in reedriders-spektakel wie it allegear bysûnder en ûnderhâldend, de twa oeren wiene sa foarby! In seal mei 1.475 noflikke sitten yn in spesjaal foar dit barren boude hal mei de nedige horekafoarsjennings soarge foar in poerbêste teäter-ûnderfining.

□ Eric Korthof

Sechjes oer iis

- It is sa kâld as iis.
- Jin op glêd iis jaan.
- Beslein op it iis komme.
- It iis wie brutsen.
- Op tin iis friest it licht.
- Dêr is op 't heden allinne mar oer iis te kommen.
- Net oer iis fan ien nacht gean.
- It is no iis, wy moatte ride.
- As âlde wiven op it iis komme wurdt it teiwaar.
- Riden is toarstich wurk, sei it âldwiif en hja stie mei ien foet op it iis.
- It is koel en brodzich, sei de man en hy rûn mei bleate fuotten op it iis.



Aldfaers Erf no sels histoarje

Sa't it der hûndert jier lyn op it Fryske plattelân útseach. Je koenen it sjen en belibje op de Aldfaers Erf rûte: Allingawier, Ferwâlde, Eksmoarre, Piaam. Yn de jierren '60 opset troch Yde Schakel en it luts in protte minsken, guon jierren wienen it wol 100.000 yn't jier. Mei bussefol kamen se, Aldfaers Erf wie in súksesfol ûnderdiel foar touroperators.

Der wie fan alles te sjen, in skoaltsje, it hok fan de brânwacht, in winkeltsje, in bakkerij, in skuonmakkerij, in smidderij, in arbeidershúske. En der wienen altyd meiwurkers en frijwilligers dy't sjen lieten hoe't it spul wurke en dy't der ek oer fertelden.

Nei de iuw-wikseling sakke de belangstelling stadichoan mar de kosten waarden heger, enerzjy, fersekeringen. En der kaam in wet dat in smid net mear by iepen fjoer in demonstraasje jaan mocht. Doe kaam ek noch corona en ek yn 2020 stoar de âlde Yde Schakel. No is it ticht. □

Aldtyd al witten

*Tiid is einleas
foar wa't gâns hat.*

*Tiid is sûnder genede
foar wa't libbe hat.*

*Tiid dy't ferflein is
skriuwt skiednis
en docht, nei't wy witte,
in minske rêd ferjitten.*

*It tiidrek is ôfmjitten.
Tiid giet en slyt en
slyt in gat yn al wat libbet.
Dochs is it tiid dy't dy hielet
dat skeelt; sa fielt it*

Gauke Jansma

Apenútsjes

It wyfke stapt de bus yn en jout de sjaffeur in hantsje apenuten. Hy kôget lekker en freget: “Wêrom ite jo se sels net op?”



“Ik kin se net bite want ik ha gjin toskan mear.”
“No, wêrom keapje jo se dan?”
“Sjuch sa, ik fyn de sûkelade derom hinne sa lekker!”

Jiergearkomste op sneon 27 jannewaris (13.30 oere)

Op sneontemiddei 27 jannewaris wurde alle leden fan de krite wer útnoege foar de Jiergearkomste yn it Boarterstúnggebou Boswinkel, Beneluxlaan 50, Enschede. Sa as altyd begjinne we mei nijjierswinskjen en kofje/tee mei oranjekoeke. De ferslaggen oer it ôfrûne jier lizze op tafel. Der binne trije bestjoersleden ôftredend.

Do (jo) yn it bestjoer fan de krite?

Yn it bestjoer fan de krite is al in pear jier in leech plak. Dêrneist binne yn jannewaris 2024 ôftredend de bestjoersleden Grieteke van der Veer, Grietsje Posthumus en Siebe Hiemstra. Wy hoopje o sa dat der op de jiergearkomste in pear minsken binne dy't it wer in skoftsje fuortsette wolle. Miskien wolle jo wat mear witte oer wat it bestjoerswurk ynhâldt. Belje dan mei foarsitter Siebe Hiemstra 0546 - 840484.

Nei it skoft sille wy “puzzelje mei Eeke”.

□ It bestjoer

Sûkelademolke

Jimme hawwe op it reiske de pleats sjoen dêr't ik weikom. Myn heit hie in hiel sterke bân mei syn fee. As der in ko fuort moast seach er mei trienen yn de eagen de fee-auto nei. En gong er in ko nei de feemark, dan gong er op freedtemoarn ek nei Ljouwert om de ko of bolle foar it lêst noch even dach te sizzen, oer de rêch te striken. Hy hie dus ek allinnich mar swart-bûnte kij. It skynt, en dat is ek wichtich foar de Partij foar de Bisten, dat as in boer minder goed op syn bisten past, de kij begjinne te ruskjen en dan wurde se read-bûnt. In foardiel is wol dat read-bûnte kij sûkelademolke jouwe, sa ha'k heard. Dêr krijt in boer dan ek mear jild foar, want in soad minsken fine dat lekker.

□ Siebe Hiemstra



De Ekokathedraal yn Mildaam

Wat docht de natuer as we har de kâns jouwe besit te nimmen fan minslike bousels? By in besyk oan de Ekokathedraal yn Mildaam kinne je wol in idee krije. Lânskiparsjitekt en keunstner Louis le Roy begûn yn 1982 mei it opelkoar steapeljen fan bou-ôffal op in stik grûn fan sa'n 4 hektare grut. Yn syn libbenswurk sitte âlde stoepetegels en klinkers ferwurke, mar ek parten fan grêfstiennen, rioelbuizen en stikken beton.

Tusken syn bouwurken, dy't sûnder spesjy makke binne, groeit fan alles op; brannetels, farens, toarnbeistruken en beamkes. De natuer giet hielendal frijút. Smelle paden liede je troch in labirint dêr't de grins tusken natuer en kultuer ferfaget. Louis le Roy waard holpen troch in ploech vriwilligers en dy sette syn wurk nei syn ferstjerren ek no noch fuort.

Sy neame de Ekokathedraal gjin attraksje, mar in wurkplak en it is feitelijk ien grut iepenloftlaboratorium. It terrein is frij tagonklik, mar der binne gjin foarsjennigen en it rinnen troch de smelle en ûnglikense paadsjes is net sa maklik. Der is ek net folle parkeargelegenheid. Fanôf "Hof van Schoterland" yn Mildaam is it ûngefear ien km rinnen. De Ekokathedraal, oan de Yntzeleane, Mildaam.

□ Annemarie Bergfeld út:
200 Plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben

"Stjerrende wier Heite"

Folkert is in frijgesel fan 97 jier. Hy libbet noch en hat nea in frou hân. "Myn skoanâlders koene gjin bern krije," seit er as immen der nei freget.

In deftige frou út Sint Anne hie 50 ûnderbroeken en doe gie se dea. Har suster kaam yn 'e hûs, telde de ûnderbroeken en miste ien. Se rôp it persoanlik byelkoar en frege wa't in ûnderbroek fan mefrou stellen hie. Doe sei ien fan de fammen "Neffens my hat se ek ien oan."

In skipper koe net lêze en skriuwe, mar hy woe wol graach in namme op syn skip ha. Ien hie it kreas foar him opskreaun; dan koe hy it neiskriuwe. Mar hy lei op it dek en skreaun de namme ûndersteboppen op de sydkant fan it skip.

Man sit dea op 'e stoel. Buorman bellet dokter. Dokter freget: "Is er al kâld?" "Ja, hy is kâld". "No," seit de dokter "Dan kom ik wol as ik de brij op ha."

□ Ut it Bûsboekje fan 2024

Nijs út Fryslân

Frisistyk. Yn Ljouwert is op freed 6 septimber Frisistyk lansearre, in online platfoarm foar de Fryske taal- en letterkunde en alles wat dêrmei gearhinget. Neist publikaasjes oer de Fryske taal- en letterkunde en skiednis, wol Frisistyk ek ûnderwerpen as it Fryske taalbelied en it Frysk yn it ûnderwiis romte jaan. Fierder sille der ek útstapkes makke wurde nei de oare Fryske talen lykas it Noardfrysk en it Sealterfrysk. It platfoarm is bedoeld om frisisiten in plak te jaan om harren wurk te dielen. Der wurdt in soad ûndersyk dien nei it Frysk en de Fryske Akademy wol dat net allinne binnen it eigen wittenskiplike fakgebiet diele.

Thialf mei sinnepanielen brûke. Thialf mei de 5000 sinnepanielen op it dak lang om let toch wer oansette. Yn de simmer fan 2020 waarden se útsetten. De fersekerder woe it stadion net mear fersekerje omt de kombinaasje fan de sinnepanielen en de dakisolaasje brângefaarlik wêze soe. Dêrnei foldiene de kabels net mear en wiene der noch problemen mei de bûgeltsjes wêr't de panielen op it dak mei fêstmakke wiene. Om de sinnepanielen optimaal brûke te kinnen wurdt Thialf ek oansluten op in enerzjyhub. De earste fan twa grutte batterijen dêrfan is al pleatst. It is de bedoeling dat de hub nei it EK ôfstannen, begjin jannewaris, oanset wurdt.

Nije poëzytegel. Foar de Ljouwerter rjochtbank is op 6 desimber in poëzytegel ûntbleate mei in striidber fers fan de Fryske dichter Fedde Schurer. It giet net om in primeur want in lytsere stien mei deselde tekst leit al sûnt 2001 by de yngong fan it Ljouwerter gerjochtshôf. Dy stien wurdt yn de praktyk gauris troch it útgeanspublyk brûkt as fytsestalling en is net mear te lêzen. Stichting Poëzytableaus fynt dat dat net kin. De tegel is wichtich foar de histoaryske kontekst fan Kneppelfreed. Op 16 novimber 1951 moast Fedde Schurer, doe haadredakteur fan de Heerenveense Koerier, foarkomme fanwege it misledigjen fan in kantonrjochter dy't gjin Frysk ferstean woe.

Arjan Hut nije Dichter fan Fryslân. Arjan Hut is de kommende jierren Dichter fan Fryslân en nimt dêrmei de pinne oer fan Sigrid Kingma. De kommende seis jier skriuwt er seis oant tsien gedichten yn it Frysk. Dichter fan Fryslân is in inisjatyf fan Provinsje Fryslân, doel is om poëzy by de bewenners te bringen. By foarkar binne de gedichten ynspirearre op akuele gebeurtenissen of opfallende mominten yn de provinsje. □

Grutte Pier, in freedsum man?

Op 28 oktober 2023 ha wy mei in grut tal leden fan de Fryske krite in film sjoen oer it libben fan Grutte Pier. De frijheitsstrider Grutte Pier hie as doel om Fryslân frij te meitsjen fan de oerhearsking sûnt 1498 troch de Saksyske hartoggen en keizer Karel V, dy't ek graaf fan Hollân wie. By in tal dingen fan dizze film wol ik noch even stil stean.

De tiid.

De film begjint mei de slach by Warns in 1345, it ienige neamde jiertal yn de film. Fan oanwêzigen hearde ik dat sy tochten dat Grutte Pier ek yn dy tiid libbe hie. Mar dat is net sa. Grutte Pier libbe om 1500 hinne. Op 29 jannewaris 1515 is syn pleats yn Kimswert ôfbaarnd (boarne: Worp van Thabor Kronijk van Friesland, deel V, pag. 136) troch it geweld fan folgelingen fan de Saksyske hartoch.

Frou en bern bin doe ferstoarn.

Dêr liket it yn de film wol op mar dat is net hielendal wier. Trije bern Gerlof Piers, Wobbel Piers en “*dy lytie feynt*” (dit tredde bern is net mei namme neamd) ha dy brân oerlibbe. Sy wurde neamd yn it frysktalige testament fan harren beppe Fokel Gerlofs, dat makke is op 1 febrewaris 1525 (boarne: G. Verhoeven en J.A. Mol, Friese testamenten tot 1550, Leeuwarden 1994, nr. 110).

In man fan geweld en wraak.

Dat byld hat eltsenien fan him; ik ek. It grutte swurd dêr't Pier mins-

ken mei dea makke; it grutte tal minsken dat ôfslachte waard. Minsken wurde de dupe fan geweld. Dat sjogge wy hjoeddedei krekt sa. Minsken ha noch neat leard blykber. En dan is it de fraach oft Grutte Pier as frijheitsstrider fereare wurde moat of dat syn hâlden en dragen as oarlochsman fan haat en wraak ôfwiisd wurde moat. Dêrby slút oan wat tiidgenoat Petrus van Thabor oer him skriuwt: “*een groet swart man met grote oghen, grote schouwer ende een groten baert ende gruweliken van aensyen, sonderlingh als hij toernich was*” (boarne: R.S. Roarda, Ut it selde skaei as Greate Pier, Ljouwert 1961, side 9). As jo dat lêze dan tink je: ja, dat byld kloppet.

Mar kloppet dat byld wol?

Yn de rin fan de film sjogge wy sa no en dan in oare Pier. Grutte Pier lit him net samar oerhelje om mei te dwaan oan de striid. Mar de moard op syn frou sit him dwers. En dan docht hy dochs mei oan de striid tsjin de Saksers en Hollanders. Mar de oare kant bliuwt ek:

Pier wrakselet mei himsels. Hy stelt fragen: Is wat ik doch wol goed? En ek: No't myn frou fermoarde is, kin ik wol ferjaan? Oer dy dingen praat hy mei syn mem en yn de tsjerke mei de pryster. Ik tocht dat dizze kant fan Grutte Pier fantasy wie fan de filmmakkers. Mar troch my nei it sjen fan dizze film nochris te ferdjipjen yn beskriuwingen oer Grutte Pier die my bliken: Dizze sêfte kant fan Grutte Pier is gjin fantasy mar werklikheid.

Grutte Pier wie in freedsum man.

De mûnts Worp van Thabor, sakrekt al troch my neamd as skiednisskriuwer, libbe yn deselde tiid as Grutte Pier. Op side 136 fan it neamde boek begjint hy syn ferhaal oer Pier mei de opmerking: *“was een goet vreetsaem man van syn seluer natuer”*.

Dat jout in hiel oar byld as Petrus van Thabor. En omdat it byld dat Worp jout tige ôfwykt fan wat wy ferwachtsje, tink ik, dat it kloppet.

Pier wie ek in freedsum man. Net allinne mar in fjochter en strider en it is goed dat ek dy kant yn de film sichtber makke is.

Wat witte wy?

Yn in petear nei ôfrin fan de film gie it ek oer de boarnen. Ik ha twa boarnen út dy tiid neamd -mar der binne mear-, de skiedskriuwing fan Worp van Thabor en het testament fan mem Fokel Gerlofs. Opmerklik is dat dit testament noch yn it âld-Frysk skreaun is, wylst yn dy tiid Nederlânsk mear en mear de skriuwtaal waard. Yn it testament fan Fokel Gerlofs wurde har erfgenamen neamd. Dat wiene de trije bern fan har ferstoarne soan Grutte Pier, en har trije oare noch libjende bern Sybren, Abbe en dochter Thiet. Dizze lêste is de foarmem fan ûnder mear in pear leden fan ús krite. Ik ha dêr yn 2009 oer skreaun yn de Twirre. Fan de bern fan Pier is gjin neiteam bekend. Oant safier dizze kear oer Grutte Pier. □ Kees de Boer



(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Oer protters

Hoe kin it dochts dat protters net tsjin elkoar oan fleane? It is in bysûnder natuerfenomeen yn 'e loft; in grutte swarte wolk, foarme troch in enoarme kloft protters. Mar ynstee fan gaos fleane de fûgels elkoar net yn de fearren. Hoe kin dat? Dizze protterdûns ropt faak fragen op. Bygelyks hoe kin it dat de fûgels op ôfstân fan elkoar bliuwe en wêrom de fûgels massaal fan rjochting feroarje.

Dêr is ûndersyk nei dien troch in pensjonearre professor út Grins. Dy fertelt dat der yn de swarm tusken de 20.000 en 30.000 protters fleane. En dat se binnen in swarm mei deselde snelheid fleane, sa'n 36 km de oere. Dat foarkomt dat der botsings ûntsteane.

Dêr komt by dat lytsere bis-ten, lykas fûgels, gau reagearje. Folle gauwer as wy. Sadwaande feroarje se daliks fan rjochting as se in oare fûgel sjogge dy't dat docht. Ut ûndersyk docht bliken dat in protter him oanpast oan de rjochting fan sa'n sân protters om him hinne, de buorlju. Dat soarget yn de groep foar in soarte fan domino-effekt; as de iene protter nei links hinget, slacht dat oer op de rest. Dêrby binne der gjin lieders dy't de koers bepale.

Fan in ôfstân liket it dat de fûgels ien grut gehiel foarmje, as sit der amper romte tusken de iene protter en de oare. Dat is optysk bedroch, de ôfstân tusken de protters is ge-



middeld ûngefear ien meter. Mar dat liket oars as se ôfslane. Op it momint dat se kantelje, krije je in grutter flerkopperflak te sjen. Dêrtocht liket it in grut swart flak.

Oerdei libje protters yn lytse groepkes op syk nei iten. Jûns komme se byinoar en foarmje se wer in grutte groep. As de fûgels in plakje tsjin komme dêr't se oernachtsje kinne, faak in grutte beam, sirkelje se dêr in skoftsje boppe en sykje dan in gaadlik plak.

As de fûgels yn de loft har deis sjen litte is der faak in rôffûgel yn it spul. As dy oanfalt reagearret de ploech. Dat soarget foar de bysûndere foarmen yn de loft. □

Resept

Bananekwark (foar 4 persoanen)

4 bananen; 500 ml folle kwark; 4 ytleppels floeibere huning; sop fan 4 mandaryntsjes; 30 gr. bûter; 4 ytleppels skaafde mangels; 2 ytleppels poeiersûker.

Doch de mangels mei de poeiersûker yn in droege pankoekspanne. Sawat twa minuten hieltyd omskeppe oant de mangels moai goudbrún binne en in bytsje plakkerich. Op in board ôfkuolje litte. De bananen yn lytse blokjes snije. Bûter smelte en yn deselde pankoekspanne de bananeblokjes in minút, al omskeppend, ferwaarmje. Huning tafoegje en omskeppe. It mandarinesop derby dwaan en op heech fjoer even omskeppe oant it focht yndikket. Dan earst ôfkuolje litte. Nim fjouwer moaie glêzen. Leppelje ôfwikseljend hieltyd in skepke banaan en in skepke kwark yn de glêzen. De mangels wat yn stikjes brekke en der boppe op struie.

□ Ut: "Het grote zónder pakjes & zakjes kookboek"

Tiden hawwe tiden

De lêste rit fan de tontsje-auto fan It Bilt yn febrewaris 1965.



© Bildts Algene

Boekenijs

De jonge, de mol, de foks en it hynder, Charlie Mackesy. In oandwaanlik ferhaal oer in nijsgjirrige jonge en syn reis troch de wylder- nis mei in troch taart obsedearre mol, in foks dy't meast wat stil is omdat it libben him sear dien hat en in wiis hynder. In leaf en lear- sum boek oer de wearde fan in ulti- me freonskip. De oersetting is fan Baukje Wytsma, it lêste wat se die foar har ferstjerren. *Priis: 24,95.*

Salang as it libben duorret, Sipke de Schiffart. Sipke de Schiffart sjokkearret. It minskelibben hat bri- ke en mâle kanten, mar hy docht it mei humor. De Schiffart is in skri- uwer dy't wat oandoart. Hy toant him dêrby in ferteller pur sang mei in soepele styl. *Priis: 20,00.*

De albasten nimf, Ale S. Van Zandbergen. Van Zandbergen sketst in haadpersoan mei iensu- mens, yn in sitewaasje dy't op den doer om help ropt. Dy komt der fan in psychotrapeute, in frou dy't mei har freondinne in berne- winsk hat. *Priis: 19,95.*

Net fiksearre hûs, Elske Kampen. In skilderij kin kleuren en sfear fan lang lyn wer yn 't sin bringe. In ferhaal kin itselde dwaan. Yn har fiifde dichtbondel docht Elsk Kam- pen dat mei har bylden en gedich- ten. Se leit de wrâld om har hinne fêst. Yn har bondel "Net fiksearre

hûs" is in byld of gedicht gjin fêst- steand gegeven. *Priis: 17,50.*

De keunst as útwei, Philippus Breuker. In nijsgjirrige biografy oer Simke Kloosterman (1876 - 1938). Hja wie in opfallende ferski- ning yn de Fryske literatuer. Har romans *De Hoara's fan Hastings* en *It Jubeljier* binne klassikers. Breukers hat earder oer it literêre wurk fan Kloosterman skreaun en hat him no ta it skriuwen fan har biografy set. *Priis: 29,90.*

Fryslân Twaalf Maanden. Tolve moannen lânskippen, natuer, de fûgels yn it Nasjonaal Lânskip Súd- west Fryslân troch de lins fan na- tuurfotograaf Jan Tijmsma, In boek om yn te sjen wat der yn de moan- nen fan it jier te sjen en te belibjen is. *Priis: 22,00.* □ Ali Bonhof

Winter (Sipke Veenstra)
deadske beammen
yn snie fersille
keale tûken
helpleas gripend
nei grauwe loftten
skiere kimen
taastend nei 't ljocht
tsjustere dagen
lange nachten
dy't longerje
nei oare tiden

Witte jo dat....

- it skilderij fan kening Redbad werom is? It portret is mei fiif oare skilderijen dy't doe stellen wiene, ôfleverre by in keunstdetektive. It portret sil restaurearre wurde en giet dan nei Kastiel Radboud yn Medemblik.
- op 9 desimber de keninklike feriening “De Friese Elf Steden” har ledegearkomste hie yn Ljouwert? Der wiene 470 leden oanwêzich en 100 leden folgen de fergadering fia it skerm. Der waard praten oer de finansjen en it bestjoer. As it nochris echt winter wurdt moat alles yn in pear dagen organisearre wurde. It is praten oer de tocht dy't mar net komme wol, mar der bliuwt hoop.
- ús krite al faker in foarstelling yn Concordia hie? Yn 1995 it Huzumer toaniel mei *Postzegels*; yn 1996 Tryater *Leny Dijkstra spilet Nely Vriezema*; 1998 Tryater mei *It pronkje fan Ierlân*; 1999 Tryater mei *It skelet fan Ierlân*; 2000 Leny Dijkstra en Lianne Zandstra mei *Tenminste houdbaar* tot en yn 2003 De dochters fan Tetman mei *Beppe Boppe*.
- de Fryske Akademy in rymwurdboek Frysk makke hat foar help-sinterklazen en hobbyrappers? Dichtsjen en rappen yn it Frysk makliker meitsje, dat is it doel. It rymwurdboek stiet online op Frysker.nl
- der in nijsgjirrige fototentoanstelling is yn it Fries Scheepvaartmuseum yn Snits? It binne foto's mei in ferhaal fan de kust mei de titel “Waterspiegel”; noch oant 25 febrewaris.
- dat wy wer in foto efter op dizze Twirre ha? Witte jo fan hokker plak? De foarige kear wie de foto fan Warkum mei it âlde stedshûs.



Clary
juwelier en goudsmid

Clary juwelier en goudsmid
Borculoseweg 20, 7161 HA Neede
telefoon: 0545 - 291 596
clary@juweliergoudsmidclary.nl
www.juweliergoudsmidclary.nl



Fryske boek- en kadowinkel

Boterhoek 3, Ljouwert
(058) 234 30 70
ynfo@afuk.frl
websjop.afuk.frl



@/stichtingafuk f /stichtingafuk

Websjop 24/7 iepen!

afûk

Wolkom

Yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel fynst de moaiste boeken yn en oer it Frysk en Fryslân, mar ek in grut ferskaat oan oare produkten, lykas Fryske kreamkadootsjes, cd's en dvd's, sûveniers, aansichtkaarten en kado-artikels.



Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

